

CATHARINA LAUTENBACH

# HEGE LOFTEN

FERHALEN

BORNMEER

Dizze útjefte is ta stân kommen mei stipe fan de Provinsje Fryslân.

© 2023 Catharina Lautenbach | útjouwerij Bornmeer

Foarmjouwing: Laura Langendijk, Studio Druk

Printwurk: Wilco, Amersfoart

ISBN 978 94 6471 124 0

NUR 524 | 303

Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige en/of iepenbier makke wurde troch printsjen, fotokopy, mikrofilm of op hokker wize ek, sûnder dat dêr skriftlike tastimming oan foarôf giet fan útjouwerij Bornmeer, postbus 234, 8400 AE De Gordyk, Nederlân – [info@bornmeer.nl](mailto:info@bornmeer.nl).

Bornmeer is in ymprint fan

20 leafdesdichten en in liet fan wanhoop bv

[www.bornmeer.nl](http://www.bornmeer.nl)

*Mei tank oan myn  
broer Jan en suster Hilleke*

# ***Ynhâld***

Kofjekomplot	9
Loslitte	18
Oer-moed	24
Leafde	31
Finzen	36
Doel fan it libben	52
Frou sûnder dy	61
In nije werklikheid	67
Gjin tiid	82
Kultsje roazewetter	86
Oarloch	94
Ferdwine	100
Ferried	101
Beheinde betsjutting	114
Erfskip	133
It raast ta de protters	136
Neiwurd: In daalders plakje	152

## *Koffekomplot*

‘Myn man is dea. Hy leit yn ’e badkeamer.’

In koarte stilte oan de oare kant fan ’e tillefoan.

‘Hat er gjin polsslach mear?’

‘Dat wit ik net, mar ik nim oan fan net. Hy seit neat mear.’

‘Ik stjoer in ambulânse. Dogge jo de doar fêst iepen, sadat wy deryn kinne.’

‘Jimme hoege net te avesearjen. Hy is ommers al dea.’

Se wienen noch mar krekt de strjitte útriden, doe’t frou Tjepkema âle: ‘Ho! Werom! Ik ha it gas ûnder de prottelpot net útdraaid.’

Tjepkema seach har ferwoest oan.

‘Is it wer safier? It liket wol oftst demint wurdst. Dû ferjitst sa faak wat. Mar wy binne mar eefkes fuort, sa lang kin it wol duorje.’

Frou Tjepkema lei har hân op it stjoer.

‘Nee, wy moatte werom, oars stiet aanst de hiele boel yn ’e lôge.’

‘Nea oan it stjoer komme, doke!’ foetere Tjepkema en mei in sucht kearde er yn de earstfolgjende sydstrjitte.

Doe’t se wer foar it hûs stienen, fleach frou Tjepkema de

auto út, mar it duorre noch in minút of wat ear't se de kaaien fûn en it hûs yn koe. Hy seach har skodholjend nei.

Yn 'e koken rûkte it yn de fierte nei kofje. De prottelpot stie noch op it stel, mar alle gaspitten wienen út. Wat moast se no sizze? Dat se foar neat weromriden wienen? Wylst se stie te prakkesearjen hoe't se dit skiep waskje moast, toetere er. It duorre him te lang.

Se leit de tillefoan del en nimt noch in lekker bakje kofje. Hjoed-de-dei is oeral krapte, dat it sil wol eefkes duorje ear't der ien foar de doar stiet.

Se hat de earste slok noch mar krekt efter de kiezzen of har hân makket in gisel fan skrik: der rydt in ambulânse mei razende sirenes de strjitte yn en hâldt ho foar har doar. No no, wat oerdwealsk. Der stoarmje twa mannen út en de skille giet lûd en lang. Se set har kopke del en rint nei de doar.

‘Soa, binne jimme der al?’

‘Wêr is de pasjint?’ ropt de ien, wylst er har hast oer de kop rint.

‘Der is gjin pasjint. Der is in deade. Dy wachtet wol. De kofje is brún, wolle jimme earst in bakje ha?’

Hy seach nei it sliepende, him sa bekende gesicht. Hoe moai dat se al sa lang by inoar wienen.

‘Fan herte lokwinske mei dyn 68e jierdei, doke.’

Hy joech har in grouwe tút op har wang.

Har eachlidden trillen. Dêrnei knypte se se stiif ticht. Har hân fage oer it wang.

Hy seach it net, want hy stie al neist it bêd. De jonges kamen om in oere as fjouwer en der moast noch in soad dien wurde.

‘Ik doch de boadskippen wol,’ sei se, as rette se syn tinzen.

‘Nee ju, dat dogge wy gesellich tegearre.’

Hy wie al hast op de oerloop doe’t se rôp: ‘Nee, ik doch de boadskippen. Ymkje hat my útnûge foar in kop kofje yn ’e stêd en dan kombinearje ik it ien mei it oar. Dan kinstû ek gewoan dyn gong gean.’

Hy rûn werom nei de sliepkeamer.

‘Wy drinke net tegearre kofje op dyn jierdei? En ik hie juster al gebak helle.’

Se sei dat se dat fan ’e middei mei de jonges ite koenen en dat se mei Ymkje kofjedronk.

‘Doke, dû moatst dwaan wat dy goed tinkt. Al fyn ik it fansels net sa gesellich op dyn jierdei.’

De ambulânseman mei it burd sjocht op syn tillefoan.

‘Yn de melding stiet de badkeamer.’

Se drave de trep op.

It is suver skande fan de kofje, dy’t kâld wurdt. Opwaarme prottelkofje smakket bitter. Sil se earst har kopke leechdrinke ear’t se de manlju efternei giet?

As se boppe komt, sitte de beide mannen op ’e knibbels neist Tjepkema. Se drukke op plakken yn syn liif, besjogge syn neils en fiele oan ’e kâlde hûd.

‘Hy is dea,’ seit dy mei it dûnkere hier.

‘Ja, dat hie ’k sein,’ seit frou Tjepkema. Se draait har holle fuort, want it sjocht der allegear net smaaklik út.

‘Hy is al lang dea. Minstens twa dagen,’ seit de burdman.

De oar krijt syn tillefoan en begjint te skrollen. Burdman freget: ‘Frou Tjepkema, jo man is al twa dagen dea. Hoe kin dat?’

Ymkje rearde yn har kofje dêr't de damp ôfsloech en stuts in foarke yn har gebakje.

'Lize, ik ha it dy al sa faak sein. Eat dat rûkt as seane andyvje en eat dat smakket as seane andyvje, wurdt nea in slachrijemmegebakje.'

Frou Tjepkema lake as in boer dy't net fan de útkeapregeling gebrûk meitsje mocht.

'Dû kinst der moai by komme.'

'Ha 'k út in film.'

'In Hollywoodfilm seker. Dêr witte se hoe't wy Friezen andyvje siede en dat dat net te fretten is.'

De freondinnen prústen it út.

'Mar oan sokke wierheden ha 'k neat. Hokker oplossingen ha se yn dyn Hollywoodfilms?'

'Krekt oftstû dat net witst.'

Se koenen hast net ophâlde fan laitsjen.

'No no, wat ha de froulju in wille,' sei in âldman, dy't by harren taffeltsje delrûn. 'Sa meie wy manlju it lije.'

'Twa dagen? Hoe is 't mooglik,' seit frou Tjepkema.

'Hy is fallen. Hy is mei de holle raar tsjin de râne fan it bad slein. Hy hat boppedat skaafwûnen oan dizze kant fan it liif. Hy moat hjir de ferwaarming rekke ha. En syn skonk...'

De burdman stjoert mei eagen sinjalen en falt syn kollega yn 'e mûle.

'Twa dagen. Jo moatte him mist ha.'

'Ik ha him net mist, nee,' seit se.

Dy mei it dûnkere hier praat troch de tillefoan en freget om de plysje.



De jonges woenen allinne kofje ha as der in bêste slok bearenburch yngie. It gebak wegeren se, al trune Tjepkema noch sa oan omdat it sa gesellich wie en it derby hearde. Oft it no troch dy lêste opmerking kaam of omdat de kofje en bearenburch sa donker wienen, mar eat sette de oantinkentrein yn beweging en de jonges hienen iepenlike wille.

‘Witst noch doe’t Burmania-en-dy gesellich op besite wienen en dû op it húske sietst?’ frege Watze.

‘Wis en wrachtich dat ik dat noch wit!’ lake Siemen en hy dronk syn twadde kop yn ien swolch leech.

Tjepkema krige it sulveren mes en snie fjouwer grouwe hoeken út ’e taart.

‘Foar it gefal jimme dochts sin oan wat ha. Mem en ik tochten, wy dogge dizze reis mar net oan hapkes en helje aanst wat fan de Sinees.’

‘Dû rôpst: “Mem, it liif docht my sear. Ik ha hiele swarte poep, mem!”

De jonges fergriemden har fan it laitsjen en de bearenburch batste yn de kopkes.

‘Ja, en mem sei: “Dat jout net jonge, spiel mar troch”’

‘Hahaha. En dû rôpst: “Ja mar it plakt oeral oan fêst mem”. Ik sjoch de Burmania’s noch fiis sjen.’

Siemen krige dochts mar in stik taart, omdat it sa gesellich wie, en sei: ‘Ja, it wie hiel smoarch en siet oeral by op. Dat soks barre moast doe’t de Burmania’s der krekt wienen...’

Frou Tjepkema siet der ferlern by, wylst Tjepkema nei de koken rûn om eat te heljen dêr’t net ien ferlet fan hie.

‘No’t er ús de mûle net mear teamje kin, rint er fuort,’ sei Watze.

Siemen slokte it lêste stik taart troch en krige it sulveren mes en it foarkje fan tafel. Hy ferweegde de úteinen fan it ark stadich nei inoar ta, sadat it inoar hast rekke.

‘Ja, dat die er,’ sei Watze. ‘En dan prate er oer de himelpoarte. Wilst noch, dy jûns...’

‘Ja,’ sei Siemen, wylst syn mûle in tinne streek waard. ‘Hy klapte it ark nei inoar ta en sei: “No is de himelpoarte foar altyd foar dy ticht slein”.’

Boppe binne minsken yn pakken mei allegear ark en kamera’s dwaande. De plysjeman dy’t by har sit is hiel aardich en beart dat har prottelkofje sa lekker is. Hy hat belangstelling hoe’t se it klearmakket en se lit him har kofjemole en konkelpot sjen. Hy rûkt sels oan de beanen dy’t se brûkt. Syn each falt op in briefke oan ’e doar fan de kuolkast.

‘Jo ha meikoarten in ôfspraak mei in geriater?’

‘Ja, it ûnthâld wol net sa. Dat sei myn man teminsten.’

As se wer sitte, sy tefreden as in mosk yn it sân en hy mei syn tredde bakje kofje, freget er:

‘Hoe is it mei jo? Jo binne sa te sjen net oerstjoer troch it ferstjerren fan jo man.’

‘Nee, dêr bin ik earlik yn. It docht my net in hiel soad. Hy is al 70 en der komt in kear in ein oan.’

‘Jo ha lang troud west?’

‘Ja, 42 jier. Hast 43.’

Se sjocht troch it rût hoe’t har man fuortdroegen wurdt. It lekken toant de omtrekken fan syn foarse liif. Se helle har noas op, want se hat gjin bûsdoek yn ’e rôk.

‘Ha jo lokkich west?’

‘Wat is lokkich? Kinne jo my sizze wat dat is, yn in houlik?’

‘Dat man en frou inoar oer en wer jouwe dêr’t se ferlet fan ha.’  
Se freget oft er noch in bakje kofje ha wol, mar no betanket er.  
‘Dat sil ’t wol. Mar men moat sa jaan, dat men jouwer bliuwe kin, is it net sa.’

Hy tinkt eefkes nei en freget: ‘En jo koenen gjin jouwer bliuwe? Moasten jo nimme?’

Se hearde in swiere bûns boppe har holle. Se hold de siken yn. It duorre in skoftke. Doe kaam in kliemerich: ‘Doke...Doke...’ In pear minuten letter in swak, mar twingender: ‘Dóke!’

Se skille mei Ymkje en krige nei ôfrin fan it koarte petear de ôfstânsbetsjinning fan de tv, sette it muzykkanaal lûd oan en wie ferbjustere hoe healneaken se der allegearre hinne dûnsen. Dat krigest ast âlder waardst: glydst stadichwei út de tiid. Begrypst der hieltyd minder fan. Of dat no demintens of sûn ferstân wie, dat etiket die der net ta. Koest net mear ha as safolle.

Tsjin tsien oere lei se in pear tekkens op de bank en joech har del, sûnder har út te klaaien en te waskjen. Se draaide har rêch nei de blikkerjende tv-bylden en foel nettsjinsteande it leven yn in djippe sliep.

‘Dat begryp ik net. Wat bedoele jo?’

Hy sjocht har ûndersykjend oan.

‘Ear’t wy fierder prate, moat ik jo wize op jo rjochten. Jo hoege neat te sizzen. Jo meie in abbekaatskilje.’

Dat ynteressearret har net sa. ‘O dat hoecht net hear. It is wol goed.’

‘Frou Tjepkema, jo man hat in hiel skoft neaken en mei in protte pine op de flier fan ’e badkeamer lein. Hy moat lûd

makke ha. Hy moat jo roppen ha. Ha jo neat heard? En hoe kin it dat jo twa dagen net boppe west ha? Waskje en dûse jo jo net?’

‘Ik dûs mar ien kear wyks. It is allegearre sa djoer. En nee, troch de wike kom ik net boppe. Dêr is myn man. Wie myn man. Ik slepte ûnder op de bank. Dat hienen we sa ôfpraat sûnt myn 68e jierdei. Want dêryn ha jo wol gelyk: ik koe en woe net mear jaan.’

‘Mar jo moatte him mist ha mei it iten.’

‘Nee, dêr ha ’k earlik sein gjin aktyf oantinken oan. It sit sjesa dat myn freondinne Ymkje my útnûge hie om in pear dagen mei nei Skiermûntseach te gean. Wat is it it dêr dochs prachtich. Wy ha hearlik kuiere en fytst. Ha jo dêr wolris west?’

‘Jo wisten dus net dat jo man dêr boppe lei te stjerren?’

‘Ik hie gjin idee dat it gjin suvere kofje wie dêr boppe.’

‘Goed, ik stap mar ris op. In kollega fan my sil jo offisjeel hearre en sy makket proses-ferbaal op. Sterkte mei alles, frou Tjepkema. O ja, en tige betanke foar de útsûnderlike kofje.’

It soe moai waar wurde en alles stie klear. In kofferke mei wat se nedich hie foar in pear dagen fuort. In tinne jas en platte skuon.

‘Ik sil in lekkere moarkop foar dy fine,’ skattere har freondinne troch de tillefoan.

Dat gie har te fier en se spruts Ymkje ta datst soks hjoed-de-dei wier net mear sizze koest. Mar dan koe neat mear, protestearre Ymkje. Mokkapunt, slachrjemmegebak, abbe-katesoes – alles soe ferbean terrein wurde.

‘Ja, dat is tsjintwurdich no ien kear sa. Dû wolst dochs net

as wetsoertrêder de boeken yngean? Wat tinkst, kin kofje eins noch wol?’

Ymkje sei dat se pine yn ’t liif krige fan it laitsjen en ophingje moast.

‘Ik sjoch dy oer in kertier.’

De efterdoar siet op it nachtslot, it gas wie út en it ôfspraakkaartsje mei de geriater hong op ’e kuolkast. No hie se noch ien ding te dwaan. Foar de tichte doar fan de badkeamer tearde se de úteinen fan har fingers stadichwei yn inoar.

‘De himelpoarte giet foar dy ticht,’ spruts se plechtich.

Sa, en no op nei Skiermûntseach. Dêr hienen se hearlike kofje op it strân.